



Earnst en kortswyl : twa foardrachten

<https://hdl.handle.net/1874/231495>

mm 010050

25

Bo. C. 16¹/₂

EARNST EN KORTSWYL,

TWA FOARDRACHTEN.

FEN

WILLEM VRIJBURG.



1893



Ynhâld.

I.

Troch ûnk wer ta lok,
In teikening út it earnstige libben.

II.

In blik yn trijen jouwt kibberijen,
Foardracht for trije frouljue.

Troch ûnk wer ta lok.

In teikening út it deistige libben.

Op in hearlike moarn yn Maeijemoanne, do't jiffer natûr hjar moaiste pronk for 't ljocht helle hie om er hjar eptige lea bûtenwinstich tierich mei to toaijen, teagen, ûnder it fleurich sjongen en floitsjen fen it fûgelt, det boartsjend en loftich troch it flabberjend griene lûfwirk omhipte, en wylst it bare sinneljocht fen boppen laitsjend troch de glopkes kipe, Leendert en Anna nei it riedhûs, om twisken hjarren in bân to lizzen, in hearlike sêfte bân, dy as er ynmienens knoape wirdt, sa hecht is, det er allinne mar troch de net to bek to hâlden dea, forbritsen wurde kin. It wier of 't de hiele krite mei it lok fen it kreaze jonge pear frede hie, en hjar in lokkige takomst ta sei. It hiele gea wier feestlik en kreas opdien. It gealtsje, wer út it Sûden oanlânne, oerlaede de jonge ljue mei hjar djippe oargeljende toanen; it oanminnige ljurkje tilde steatich omhegens bij treflik kweeljen en joedeljen, en wipte bij tiiden it kopke op side, om hjar fjûrkjende eachjes mei wolfallen op it pearke falle to litten, wiles hagetoarnen en kwitsen hjar swiete geurkes mei-en-wei joegen oan de wolkomme maei-twirkes, dy leaflike amne oer it paed, dat Leendert en syn breid mei in mear as tofrêden glimglâns op de troanjes steatich lâns trappen, folge fen hjar beider heit en mem, dy 't fen herte ynstimden mei 't wichtige plan, dat hjar bern hjarren foarnomd hienen. Hwet setten breid en breageman de hollen omheech bij it wapperjen fen de bûnte lapen boppen

hjarren, hwet eagen hjar âlden tankber nei alles, wylst hja ûnder de flaggen troch dûkten. Op hjar bedage antlitten stie wolbehagen to lêzen, al dat moaije fen dy dei wier for de bern, for *hjar* bern, dy hja mei soarch en mei ljeafde sa fier brocht hieden, dat dy it dwaen en litten op hjar fierdere libbenswei togearre op eigen skouders nimme koeden. Under de glêsdoecken troch seach min hjir en dêr in blier ef nijsgierich kopstik forskinen, om Leendert en Anna to mûk to bekypjen. Elts moast ommers wite ho hja klaeid wieren, of hja wol goed op 'e stap gongen, of de breageman de boksen ek to lang of to koart hie, of hja beide wol nije skoene oanred hienen, of de breageman wol oan de goede kant fen syn breid roun, of hja al of net earm yn earm rounen, of as hja faeks ek tige utwrydske opdien wieren, en fôlle sa mear. Mar ho elts ek socht en ho alles benoaske waard, ho graech folle ljue faeks lek-skôchje wolle, der wieren neat nin lekken en brekken to finen; Leendert en Anna koenen hjar sjen litte sûnder lykwols boppe hjar steat út to fleanen. De drokte, dy mei dit alles mank gong, rekke mei de tiid wer oan kant, elts kearde yn syn eigen wente, to freden en foldien dat de trouwerije sa best syn beslag krige en ta 'n ein roun wier.

Leendert en Anna teagen wol to moed nei Grienterp to wenjen. Det wier sa likernôch in pear ûre geans fen it plakje dêr hjar beider widze stien hie. Tige ynskikkelike bûrljue brochten de jongeljue mei al hiar gerei en taspillen to plak. Bij it ôfriden ûntglûpte wol in inkele swiermoedige sucht oan it benypte boarst, waerden de eagen bidauwe, wiet, yet ris op it âlderlike hûs slein, mar mei in tige hertlik »farrewol!» waard de reis nei hjar eigen wenstê

oannomd. Hjar eigen skoarstien scoe dos nou rikje, dat wier de langstme fen elkmes hert, der wier for wrotten en wraemd, for sparre en garre, dêr hieden hjar hearlikste plannen al tiiden hinne laet, dat wier it wyt, it eindoele dêr Leendert en syn Anna sa lang mei barnend begearren nei útsjoen hienen. Eigen hús en hird, eigen hear en master, dat is de winsk dy de makker fen al hwet is soarfâldich yn 'e herten forskûle lein hat, det is et hoapjen, it sribjen en begearren sterk en krêftig genôch om sels fen ûnder in steapel fen lijen, hirde twang en ûnfûge hearskippij him to ûntjaen en op te sjitten. In winske dy wierheit wurde wol; for elts de blinkjende stjerre dy fier yn 'e fierte oan it loftrom flonkert, — it swiideljocht, det libben en geest jowt, de goudene gloed fen de opgeande sinne: »de frijheit”.

Frijheit is myn libjen,
 Frijheit hiel myn hert,
 Winske, hoape en sribjen
 Stees, bij lok en smert.
 'k Scil mei siele en sinnen,
 'k Wol mei fêste moed,
 Trachtsje dij to winnen,
 Frijheit, heechste goed.

Frijheit, djûre frijheit
 Jou elts krêft en moed,
 Bring ús lok en blijheid,
 Fjûrge libbensgloed.
 Boppen hearskippije
 Rou geweld en twang,
 Mei stou tierje en dije
 Frijheit, dij myn sang!

De jongeljue fielden hjar thús en wieren lökkich. Hja smakken folop al it swiet, dat er for en rjucht lökkige hûshâlding weilein wêze kin. Mei iver en

flyt teach de kräftige jonge man eltse moarn oan syn wirk; wol to moed kaem er mei skoft en jountiid wer bij syn wyfke, syn kloeke hûsfrou, dy mei moed de hûshâlding tige sa flink op 'e skonken en it roer fen it skip sa goed yn hannen hâldde, dat hjar flitige oarchelte op hjar fartúch him thús en behâlden fiede. Forskate jierren teagen mei rein en sinneskyn rimpen forbij; en, al hie it wrede needlot hjar oantaest, en de herten oan it blieden brocht troch it weinimmen fen hjar âlden oan wearskanten, op in oare bûch wier dat fortriet ryklik forgoede troch dat de earrebarre, »dy bêste swartrok" faek eris in lytse kykyn-'e-wrâld oanbrocht hie. De hûshâlding staette dertroch wol op hwet mear swierigheid mar dertroch kipe de laitsjende sinne ek en kear faker troch de rûten yn dy fredige wente. Moast er eltse skoft in brochje mear op 'e tafel komme en er hwet greater soad ierdapels ôfdraeid wirde, mei 't er in hongrige mûle mear wier, Anna wist it mei skreppen en oerliz sa yn stokken to hâlden, dat hjar dwaen en litten fen eltse hûshâldster ta 'n foarbyld nommen wirde koe. Sêft en beskieden wier alteast de toan dy de âlden tsjin hjar bern, en de berntjes tsjin hjar âlders oansloegen. Gjin rouwe wurden, gjin flokken en bearen ef hearskjen en hjitten, né, hertlik en oanminnich, gemoedlik wier de klank, dy jimmer oan, op 'e sêfte wjukken fen in lok- en frede-ingel troch de wente fen Leendert en Anna rûsde. Mar lyk as de kleare loft op in soele simmerdei yn in omsjoch mei swarte, driigjende wolkens fortjustere wirde kin, sa stiet ek in lokkich hûsgesin bleat for ûnk en fortriet, as dat, hwet min needlot neamt, syn offers der útkard hat. Faker as ienderis hie dy glûperige boade fen ûnk en wea al ris bisocht om

to mûk yn Leenderts wente to slûpjen, mar Anna wist altyd, as hja him oankommen seach, doarren en finsters sa goed to skoatelden, dat de kweade, al ho fyn en slim hy it ek oanlei, dochs eltse kear syn noas slaette. It gong him der binnen mar min nei de holle, it wier frede en ljeafde folop. Dat koe sa net langer gean, der moast er nedig yn omheisterje; skeel en lijen scoe der ienderis kening kraaije, it mocht hiete trienen kosje, mar it scoe oars as 't doslang wier, der stie er op. Anna hie him fen fierren al ris troch de rûten loeren sjûn, mar hja wearsge sa fen him, dat hja bij hjar sels bislette alles oan to gripen om him bûten doar to hâlden. Hwet stie er der for de doar to lonkjen en to moaipraten; yn de iene hân in spil sierlik moaije kaerten, en yn de oare in greate glimmende flesse, oan de hals ta fol fonkeljende drank; dat spil woe er allegearre wol jaen, en yette folle mear, as er dan mar efkes binnen doar komme mocht »O né: man!» ropt Anna, fol eangstme, »gean ringen hjir fen dinne, ik haw soks net brek. Dij scil ik er bûten keare, sa lang as er krêft yn mij is om it forkearde en forliedlike de holle to bieden. Mar Leendert blonken dy kaerten, dy bûnte printsjes, en dy flesse fol kostelike drank sa ûnbii-dich yn 'e eagen; en den, de kweade praette sa oannimmelik en aerdich, dat hij er in wûnderliken langstme nei krige, om de skoatel mar efkes fen de doar to skouwen. »Och Anna», seit er, »hwet scoe 't dochs hinderje, as dy man hjir in toarntsje toefde; faeks is er kâld en wirch, en derby, hij freget ús ommers sa frjeunlik en komt ek net mei lege hânnen; sjoch ris oan, ho as dy kaerten blinke en ho swiet dy hearlike drank rûkt; lit ús de skoatel op side

strike en de doar effen iepen dwaen en Leendert traepe neijer nei de doar ta. Anna grypt hjar goede man by de earm, en ropt fol eangstme: »Och Leendert Leendert myn bêste man doch dat net, lit dy man hjir net binnen, ik lês it yn syn loerkjende eagen, dat er it taleit op ús ûnk. Och, hear nei my Leendert, lit it om my en om myn om ús ûnskildige herten fen berntsjes: Ut namme fen ús âlden dy op it tsjerk-hôf rêste, om alles bid ik jou, doch de doar net los. Leendert, ljeave bêste man, lit de skoattel rêste, ik wol it sa graech. Alles, alles wol ik dwaen, mar sparje mij, hoedsje ús for dy forlieding" Leendert stiet en poaske stil, yn syn binnenste woelt it, hy twifelt, hy wit net hwet to dwaen, der bûten stiet de kweade sa forliedelik to noegjen Leendert giet al neijer nei de doar ta, tilt syn earm op, yette ien lyts eintsje ien kromke fierder noch in stapke, en der knarst de yzeren tsjinwar, de doar giet iepen.

In yngripende útrop fen: »O, Leendert!" en foartoan is alle hûslike frede wei, wei is it moais det ienderis as in pearle blonk oan de kroane, de houlikskroane fen Leendert en Anna De sinne kroep beskamme efter tsjustere wolken, sonk sêftsjes wei yn it fiere wêsten it waerd nacht, en neat as snokkerjen forbriek de akelige stilte. De macht fen in spil kaarten en in flesfol barndewyn wier sterker as de pine fen bloedige triennen fen in sêdige frou, de mem fen fjouwer ljeave berntsjes De kweade stoep dryst en masterhaftich oer de flier, lake en spotte mei de bea fen in mem, in mem, dy rjucht oanroap for hiar bern. Hy fornielde de slúting om sadwaende eltse

ûre frij tagong yn it hûs fen Leendert en Anna to hawwen, en hy troande syn offer mei altyd weroan, om him linkjende wei it fornyn ynsûchje to litten Anna liet gjin klachte mear fen hjar gean, hja joech for dit pas forlern, mar mei de hân op it hert, en it wiete each op hjar berntsjes, swarde hja yn stilte net earder rêste to scillen as dat hjar Leendert wer yn hjar earmen wer keard weze scoe. De kweade seach oer 't skâlder, en trochseach mei syn fûle earns-eagen hwet er yn hjar omgong en stie syn spil mar heal, mar »kom", sei er sûntsjes tsjin Leendert »*hjar* haste faeks neat as krimmenaesjes kom mei nei mines, der hawwe it alhiel for 't winskjen" En Leendert teach mei, yn de doar seach er yet ris om, syn eagen metten dy fen Anna hja stiek de earmen út »Leendert" wier it »Leendert!", mar de kweade naem him by de earm en trjûwde 'm ta de doar út

In freeslike kanker hie hjar leat inte, it int woechs tierich om heech, sa dat it op 't einslúten in beam waerd oerladen mei gljeune reade blommen, en do 't dy hjar pronk oer de ierde waeije lieten, wier er plak ynromd for ûnbidige pronkerige lapels. Mar ho bûtenwenstich dy pronkstikken ek de eagen betsjoaden, yn de mûle lieten hja in bittere neismaek efter, en yn de mage waerd it in forwoesting dy gjin perfester torjuchte skipperje koe. Mar *ien* sterke krêft is yn steat dit greate kwae mei woartel en tûke út to rûgjen, *ien* macht, en dy macht hiet ljeafde.

Dy krêftige help stie Anna trou bij. Moedig hie hja al it lijen trochstien, dat de forlieder twisken hjar mûrren toage hie en yn hjar hert it middel bewarre for de kwael om dit to brûken as de sykt-

me op it heechst komme mocht, en hja mûlk oan 't siekbêd roppen wirde koe.

Dagen fol leed teagen forby, de loft wier jimmer tsjuster, leadsk en naer; ho mennich kear as ek de for-dildige mem hjar eagen moarns nei it easten kearde, oan de kjimmen wier der for hjar gjin ljocht to sjen; it bleauw skimerich eltse moarn.

Leendert wier op in glibberige dwaelwei, al mar oan, wylst syn falske forlieder him op side bleau. Sa, yn pleats fen bij Anna en de berntsjes thûs, socht er syn treast yn de Wite Swân. Mennich kear barde it, dat as de man de Snieun-to-jouns op 'e stap tein wier, Anna him net foar snein to nachts wer thûs krige, en dan mearst sa, dat it for de frou *mear* as pynlik wêse moast. Dan wieren hjar de eagen hiet en droech, mar as hja yn it djipst fen de nacht op hjar man to wachtsjen siet, as hjar eagen den meilijjend op hjar rêstig sliepende berntsjes foelen, dan rôllen de hiete trienen oer de bleeke wangen, op hjar naeijen del en hwet harke dan hjar snokkerjen mank it tikjen fen de âld klok, dat âlders erfstik, droamich ientoanich yn de kâlde iensimme nacht.

Forskate kearen hie Anna hjar ôfdwile man de spiegel fen it forkearde for eagen hâlden, mei bloedige trienen bea hja him dy wei dochs to forlitten en yn 'e hûslike skerte to bek to kearen, mar hja like oan in doave mans doar to klopjen.

Forslein, mar net alhiel moedealas gong Anna lykwols de tiid to mjitte mei de stille hoape en fol bitrouwen, dat hja ienkear hjar Leendert fen al ear wer fine mocht en wer fine scoe. To 'n earsten wier hja, as de berntsjes rêstlik wei dûkt wieren, wol faek op hoasfoetling to mûk it hûs útslûpt om

ris oan it finster fen 's Wite Swân to hearen, of Leendert der yette siet. Hja wier dan fol noed oer him, hij koe bij tsjister en ûntiid ris yn it wetter reitsje, en o, dat scoe se hjar sels nea net forjaen kinne. Ho trillen dan hjar lea, as se syn lûd fier boppen de oaren ûthearde, ho moast se hjar sels dan bedimje om net yn dy drankhoale op to fleanen en hjar man ta to roppen . . . : »hjr wei Leendert ... hjir gappet en djippe ôfgroun! . . . » mar it forstân fen de frou bihâlde de oerhân. Hja gong werom, nei hjar berntsjes ta, en wekke sa lang ont de ljochten de sliep gjin tsjinwar mear biede koenen. Yn de hûshâlding bleauwen de gefolgen fen Leenderts libbenswize ek net wei. Mei al hjar oerliz koe Anna de boel net mear goed op skonken hâlde, en as de berntsjes dan soms fregen om it nedige, moast hja hjar faek omkeare, om hjar triennen wei to stopjen.

In lytse tiidromte wier wer om. De widze stie wer oer de flier, it fyfde berntsje, in ljeaf mûtel jonkje wier der fen de earrebarre oanbrocht. It hert koe net wite, dat hij de ingel wirde scoe, om syn forbjustere heit fen 't forkearde paed en yn goede haven bij mem werom thús to bringen en de herten fen syn âlders for altyd wer to forienigjen . . Anna wier fen de lêste bi-swieren net sa fleurich opstien as forhinne, it lijjen en it fortriet hie hjar âldsk en swak makke. Yn de dagen, do 't er to sines sa'n wichtich foarfâl pleats hawn hie, wier Leendert in toarn fen de wiffe dwaelwei ôfstapt, en Anna hie in heimelike winsk dat einlings hjar triennen yn fruchtbre ierde fallen wêse mochten. As it joun wurden wier en de berntsjes by 'noar yn swiete slom leine, dan easken de ôftobbe warge lea fen mem ek rêst en moast hja op bêd.

It âldste, hjar Hinke, stoep dan sa lang yn memme foetstappen en soarge foar it jinge dat needsakelik nei sinne yette barre moast. As Leendert er den al ris úttrape, kaem er ridlik gauw wer to honk. Op in Sint-Steffenjoun beslette er om doch ris efkes yn de Wite Swân to kypjen oft alles der yette by 't âlde wier. Lit de doar mar los stean, in de lampe barne, ik kom net malle let wer thús. »'t Is bêst, Leendert'', andere Anna, »ik gean dermei lizzen, en Hinke kin sa lang wol opbljûwe.'' Foart hjir op stoep Leendert de doar út, en mei in beswierd gewisse nei it hûs fen ellende en jammer ta.

Yn de Wite Swân gong it frijhwet lûd ta, flokken en swarren gjin brek.

De beide forlieders wrakselen om it masterskip. De bûnte kaarten, dy de lijers de lêste sint út de bûsse helje, en de drankdivel, dy reusekrêften sloopt en de deugdelikste hûshâlding yn drabsige ûnfêste sompen raemt, — dy beide greate maten spilen, ek wer dy jouns, oerhearich op hjar poat, en fierden it heechste wird.

Leendert hie dit alles in poas oansjoen en heard. It earste dripke fenyn wier wer ynnomd. Troch det er net sa hiel lang yn 't Swântje toefje woe, tsjinne it wol in kromke hirder fen streek to gean as sljucht wei, scoe er syn gewoane mjitte ha. To 'n lange lêste foel syn each op 'e klokswizer, dy him de wit brocht, det it mear as tiid wier, om dy hoale to forlitten. It wier tsien ûre en Leendert naem him foar om plicht boppe wille to hâlden, en de Wite Swân de reach ta to kearen.

Oan 'e tafel, der hy him del setten hie, waard drok en lûd spile; de koperlaepen striken fen de iene kant nei de oare, en it bloed fen de trouwe klanten yn de Swân riisde eltse slach omhegens, om

om op 'e graed-mjitter oan to wizen, ho folle er wol oan Bacchus offere wier. Ien fen de ljue tochte foar him sels, det it nou sa moai gnap tiid wier om de Witte Swân goenacht to sizzen en gong oerein om mei de baes út it Swântje lyk spil to meitsjen. Hy hie oars syn bekomst yetie net, it gong sa tige moai, mar by sines oan hûs lei der in minske, in âld sloaf, syn bijierre men....syn mem, die him widze hie, dy hjar ôfsloafde, do 't hy neist in jier of fiif mei lamme lea op it siikbed smyten wier; nou hearde er wol in kromke earder nei honk to gean..... it spiet him wol deales, mar dat akelike gefal lei er nou ienderis. Mei dit beslút wier it oare folkje malle min tsjinne. Hja toarnden Leendert oan om de lege troan in beslach to nimmen;.....sokke spulbrekkers wieren kearels fen neat.

De kaerten laken Leendert wûnderlik moai ta op dizze joun; hy draeide syn eagen yet ris nei de klok, de wizer wier al wer hwet avansearre... It wier net betiid mear, mar 't wier ek mar ienderis yn sa 'n roun jier Sint-Steffen.... Hy sette him op it lege plak en alles wier yn in wip kant en klear. 't Spriek sa klear as de dei, dat hy tige min mei de lége romer der sitte koe, de kastelein koe ljocht en fjûr net hielendal om 'e nocht jaen, dat koe elts forstânich minske wol ynsjen en begripe.

Al ho goed nou de foarnimmens fen Anna hjar ôfdwile man ek wêst hienen, do er fen hûs de pas nei de herberge sette, hy rekke op 'e nij wer yn it net fortiisd, en dizze bar wer sa slim, dat er oan ûntkommen for him net to tinken foel. Sa spile en swolge it yn de Swân fen it iene amerij ta it oare; der wier gjin ûre mear fen slúten, en ho letter, ho mear spektakel ho moaijer.

De kleare smakke Leendert dy jouns oeribele bêst, hy wist net hwer him dat nou eigentlik yn siet, mar, it wier mar sa, en dan mei de kaert? nou dat hie er yn tiiden sa net bilibbe, it foel mirakelachtich. It stiet fêst dat Leendert sa nou en den oan hûs tochte, hwent hy sloech oan syn maten foar, om nou dochs mar to skieden; hja troffen 'n oar wol ris wer yn 't Swântsje. Mar de maten setten núvere eagen op, as hearden hja it yn Keulen tongerjen. Do spatten hja heislik op „bistou in kearel datste dij fen dyn wiif ringje litste? Sitste yet net genôch ûnder de plak?” waerd er sein. En dan mei winst ophâlde” rôp in oaren. „Hjir Arjen,” bâlde in trêdde lûd, tsjin de kastelein, „hjir sa, . . . jow my yet ris ien en dan Leendert ek . . . hwet divel noch ta . . . jow mar kaert” . . . De swakmoedige Leendert biswiek ûnder de lêst fen sokke krêftige wurden; hy tochte net mear oan de mem mei hjar kroast . . . Wiles alles yn 'e Swân syn âlde stap hâlde, wier it by Anna yn 'e hûs rêstlik en stil. Mar ho freedsom for 't úterlike, yn it memmeboarst, bigoun it ûnrêstich to klopjen, en ho fierder de klokswiser op syn âld paedse foart draeide, ho rêdder it hammerke him warde. Hinke, dat oars sa warbere fanke, bigounnen de eachlûken sa swier to hingen, dat hja it er net mear sûnder sliepen oubringe koe: hja wier ommers sels noch in bern!

„O, mem,” sei it stumper, „scoe heit hast komme? Ik bin sa slieperich . . . 't is al sa let mem; mei 'k wol op béd gean?”

„Och ja, ljeave,” andere Anna, „gean mar oan kant, heit scil dermei wol thúskomme, mem bleauwt wol to wekker.” Dalik dernei kroep Hinke yn it waarme nêstke by hjar sliepende broerkes.

Stil en troch earnstich teach it holle fen 'e nacht forbij; 't waerd iere moarn. Anna koe net sliepe, hjar gemoed wier op 'e nij wer yn ûnstjûr. O, it wier hjar sa akelik to moede, hja fielde hjar sa forlitten. It oars sa fleurige tikke-takjen fen de âld klok, klonk de lijende frou yn de earen as it lieden fen in deaklok. It waerd sa let, en Leendert bleau mar wei Ho de be-eangste frou ek weitsje woe, ho de ljeafde for man en berntsjes, dy trouwe stipe hjar ek to skoar sette, — fen de oare kant begoun de natûr hjar sin troch to drjûwen. Wylst Anna der lei en allerhânde tsjustere spoeken hjar fôr de eagen omteisteren, foelen de lûken fen wargens ticht. Hja slomme yn De lampe rôp om oalje, al lûder en lûder, en do dat roppen net forstien waerd, gjin helper opdage en de nacht, dy krêftige kampfjuchter hjar oermansk rekke, bejûch se hjar geande wei It waerd skimerich en einlings neare nacht Yn de Wite Swân wier it lêste bedrjûw ôuspile. It gedyn foel; hjir en dêr stroffele ien fen de plakkers hinne, en sa kaem Leendert lang om let ek to honk. It like wol dat alle fieling en skamte yn 'e ôfdwile man yet net útdoafd wier: Hij moast soms ris harkje nei de stimme, dy him yn syn binnenste nou en dan ris heare liet. Sûntsjes die Leendert de foardoar iepen en kaem stuitsjende op 'e taest bij de mûrren lâns, sa stil as er koe yn de keamer, hwer de fordildige mem en hjar berntsjes yn de sêfte earmen fen de sliep, yn djippe rêst leine. Oan de oars sa fêste hân fen Anna wier for in hoart it widsetouw ûntslûpt, det op de flier del gliden wier. Tjuster wier it en de ongelokkige man moast alles befiele, scoe er it paed yn syn eigen hûs fine. Der


staet er tsjin 'e widse oan. It mûtele jonkje skrillet er fen, kryt, en útert syn fortriet mei in tear stimke. In klachte, in sêft forwiten tsjin syn heit. Syn kleijend lûdsje brekt de stilte en docht de outobbe mem út hjar slom opskriljen.

Forheard wirdt hja to wekker en taest om hjar hinne, mar it widsetouw is nearne to finen. Alles is hjar tjuster..... »Binne jou det, Leendert? binn' jy thús, Leendert?» — »Ik..... bin it... sels», stammelde de man, »ik..... ik scil it jonkje..... bringe..... O, né, Leendert!» ropt hja fol eangstme, »doch dit net! Ik..... kom, ik scil ljocht opstekke». De heit woe wiizer wêze, hij hat it lytse boike al yn syn earmen nomd..... Hwet! scoe hij dat net dwaen kinne, hij, in man? In man, dy alles kin, as it fen him ferge wirdt?..... Leendert giet op it bêd ta, wylst Anna fen noed hast bûten hjar sels, skrept om bij hjar berntsjes to kommen..... Freeslik! syn ûnfêste skonken fortiisje yn it lange widsetou..... ien swiere plof..... ien akelike gjalp fen: »O God, Leendert myn bern!» Mear koe de fortwifelende mem net útbringe. Do swij alles. Stil wier 't, stil as yn it tsjustere grêf.

De âld klok wier dy jouns net opwoun, de wicht rêkke de flier en de tikker stie stil. In ûnskuldich berne-hertsje hie ophâlden to klopjen. Oer dit treurich foarfal lei de nacht; in swart flûs dekke 't. Oerfloedige triennen binne der skriemd fen wier berou en wiere ljeafde. Folle is der oars wurden. Yn de Wite Swân wier de lêste foet setten; it skommeljende widske miste fen de flier. Op it skaedige fredige tsjerkhóf kaem in lyts terpke. Der ûnder slomme in tear, ûnskuldich jonkje. En yn de wente fen

Leendert en Anna wieren twa herten wer foriene
mei in bân sa hecht en fêst, dat neat dy wer for-
brêkke kin en scil, foar de dea him losknipt.

UT



In blik yn trijen, jowt kibberijen,
Foardracht for trije frouljue.

~~~~~  
PERSOANEN :

TRYN, GRIET EN JANKE.

*EARSTE TOANIEL.*

(Tryn komt op mei in biesem en in tobke mei  
linnen; hja is sljuchtwei klæid, — in wite breiden  
mûtse sa hwet skean op; hja smyt de biesem nidich  
del, set it tobke forheftich oer de groun en mimt er  
in stik linnen út, dat alhiel to-wadde liket, en seit dan:)

't Is den wol divekaters, der 'k sa'n wud om siz,  
dat is er nou jandoasje altyd to rêdden, al den deale  
hoannepoaten; ik kin mar wer fen foaren ôf oan  
begjinne, dy smoarrige greате koksiaenske hoanne  
fen Griet en Ate waddet sûfer altyd mei syn oer-

hearrige stappers op yens skoander linnen om. Forline wike wier it al sa'n lijen: earst de hiele yeskebult oeral helle en do mei syn smoarge klauwen oer de blik to heisterjen. (*Hja besjocht wer in oar stik linnen en sködhallet* :) Jonge! jonge! Ik leau, dat dy greate raeshek it er om docht; altyd oer *myn* linnen, dy loebes; en as min him den mei in stien of de klomp in lawibes jowt, kraeit er noch boppen alles út. Ik gean yn 'e nije wike nei Davit Flut en den helje 'k for in sint mennich rottekrûd; ik wol sa'n lêst net fen in oarmans hoanne hawwe, sels haw 'k net iens ien, dat haw 'k net. (*Hja sjocht oerside, ûnderhellet rimpen de biesem en slacht er mei* :) Tsjoe dou! greate raesbek, kaetsdou! (*Hja jaget de hoanne foart, lit de biesem wer falle en klappt yn 'e hannen*.) Scoe 't al wer wêse, stjonkert! tsjoe!! ik scil dy wol yn it lyts himd krije baes, doch mar tiid! .... Ja ja, kraei dou mar!

### OARDE TOANIEL.

J a n k e:

(*Hja komt op mei in izeren pôt of in amer yn 'e iene hân en in dweil yn 'e oare; hja kin yn 'e swarte mûtse wêse, of mei in âlde bûnt strieën manljue's hoed op, sa as arbeidersfrouljue den wol dochge; — foaral yn it eachrinnend foech klaeid*.)

Jy wolle gjin mot om 'e tsjennen hawwe fêst; hat de greate trêdder it wer bedoarn? (*Tryn lit in stik linnen sjen*.) Ja fanke, it is in bedoeling mei in blik yn trijen .... Heare, heare! hwet is 't in lêst, net? Ik haw forline wike net wosken, mei dat ik net al to, al to wier, mar for 'n fjirtsien dagen, do haw 'k dan sa obsternate lilc wêst, dat ús folk hawwe mij yn 'e hûs tôge; súfer doem fen lilcens,

moast tinke, en dat om dy smoarge houn fen Griet en dij, dat akelike flarde. As ik him yn 'e besettinge krij, dan draei ik him de kop om, dat 's fordeald wier. Hie dat pyst mij myn floddermûtse net wei tôge? . . . . . jy scoene sizze, sa'n strop, net? mar alhiel toroppe en yn flarden!

Ik scoe snein mei oan 't nachtmiel, moast tinke, en nou wier myn oare flodder mij hwet al to goar, moast wite; ik hie him ophawn op kreambesite bij Bouk; letter hawwe Jan en ik in dei nei Janne moike wêst, der hie 'n we yn treddel jier net ris sjoen. 't Wier de deis moai brodzich waer, do hie 'k him gansk trochswitten; nou wier er mij hwet al to foeeh om er mei oan tafel, en wrachtsjes, der lapt mij dy snaek sok ding. Ik scoe him mei de biesem in opstopper jaen, mar hij flutte mij ûnder de skonken troch, en do stie er mar to gik-oanstekken. (*Hja docht in houn nei:*) Woef, woef, woef! . . . O, min scoe kûgels wirde, dat is mar sa. Ik siz mar, hwet dochge Griet en hjar yn 'e goedichheit mei sa'n fike; is 't wier as net?

Tryn:

Sa is 't krekt, Janke, en sa'n smoarge houn is ek nog ympost op fen sels; wy 'ljue kinne ús eigen koarsten wol bite, siz ik den, . . . . mar der is mei Griet net oer to rintenearden, hja tsjetttert en keakelt altyd dwers troch alles hinne, dat hjerren en sjen scoe yen faeks forgaen.

Janke:

Ja, en den stiet dy slûche mokses, dy sleauwe soksis fen in Ate der mar bij to gniizen; dat is bij my den sa'n wearlichs greате aep! Ik sei lêsten tsjin Jan, ik sei: ik leau wrachtich, dat Ate bij

tiiden net wiis is, . . . dy koalle hat foar gjin botsen to sizzen, . . . dan komt Griet oantaijen mei dit, en dan wer mei dat. Koarts kaem hja oansjouwen mei sa'n jonge geit op 'e nekke. (*Laitsjende mei folle drokte:*) Hearink, Tryn! hwet haw 'k gniisd, dat wier den sa'n malle fortoaning, kin 'k dy sizze. (*Hja set de boel del, hâldt hjar lyk as Griet sjouwde, de beide hânnen op 'e skâlders, om sabeare hwet fêst to hâlden:*) En dat lytse hert fen in geitsje dat seach mar; it stumperke wier noch nea sa heech de loft yn fest, wol 'k leauwe.

Tryn:

Hwetste seiste, ju! Der hie ik noch gjin krisels-krom fen fornommen, fen dat hiele geitsje net. Nou, mar dan krije wy mei koartens dat flarde ek oer ús linnen to wadsjen; nou mar, ik scil er yn forsjen, det scil 'k! Min moat sels mar trochtaeste, hwent rjucht is er dochs net to finen foar ús ljue, ik haw al twaris nei ús húsbaes ta west, mar der kom ik om 'e deale ek net wer. Ja, dou moast ris bigripe hwet Aal Protter nou al útstruide: ik fleach der in blikgat bij Jurjen, en it wier ek net om doch sa, sei hja, it scoe mij dan wol om Jurjen to dwaen wêze. (*Hja wiist op de biesem.*) Nou, al like min as dy stomme biesem haw ik derom tocht; sa'n sleep, net? . . . Jurjen is noch frij feint en for syn dwaen wol aerdich gnep, as er yn it habytis, mar stumper, hij slingert al in hiel ein nei de sextich, . . . né hear!

Mar ho'n blei, n't wier? mei hjar gelekskoai, . . . dou en ik hawwe Aal sa lang al kinnen; 't wier ommers in minske griis ho'n wylde pûst as 't wier yn hjar faem-wêzen.

Janke:

Ei ja, ju, mar sa'n jonge tsjeppe widdou, liken

as dou, wirdt al ridlik gau it iene of it oare nei de hakken smiten.... Soa, den woe Aal dêr op del... en joech dat neat bij Jurjen?

T r y n :

Gjin byt hear. Hij sei koart wei: »der wol ik gjin dwaen mei hawwe, jimme hawwe dy blik mei jimme trijen, en den moat elts syn part mar ôfredichje"..... Der koe 'k mei opkrasse. Ik leau eigentlik dat er hwet brimstich waerde, hwent hij smiet mij de doar foar de noas ticht.

J a n k e :

Offredichje! Dat doch ik net; min moat hjirsa'n tige hier betelje, der kin neat mear bij, hwet wirdt er langer fortsjinne? (*Hja hâldt de hânnen op:*) Krekt ien fjouwer goune hat Jan mij forline wike thúsbringe kinnen en hwet is fjouwer goune tsjin-wirdich yn yens hûshâlding, alles piperdjûr; it brea is ek al wer in sint opslein, en den scoe min ek noch fen yens korels-kromke útjaen for dy fréderij? Né, om 'e dea net, hear!.... Mar dou hoefste gjin lêst fen Griet hjar hinnen en oar reau.

T r y n :

(*Hja spraet it linnen wer út:*) Och goeie gunst, sjoch mij dat 'e ris oan, allegjearre hoanneprinten... forline wike wier 't al sa'k krús, do haw 'k alles wer yn it wetter hawn. Ik hie de gedinen to blikken en der stienen mij hiele leesten op,..... mar dat liken wol poaten fen k'ninen, en dat wol 'k ek hiel wol leauwe, hwent nei 't Griet opdie, den moast jimme Wiger, — ja, ik moat nou mar sizze sa 't is, — mei in trits oare jonges efter de k'nyn omjachte

hawwe, dat bist hienen hja út it hok hawn, en sok fê fljucht rounom oer hinne.

J a n k e :

Dat licht Griet! de k'nyn hat it hok net út wêst, en as dat al sa wier den hie er it op myn gerjuch-tichheit dien, hwent dou hieste dyn gedynen op myn blikkers-plak smiten, dat kaem dochs ek net út, sa sûnder freechjen, dat giet altyd mar; ik bin hiel net ûnskikkelijk, mar ik wol myn jonge net to nei komd hawwe, to minsten net om dy âlde gir-dinen.

T r y n : (*hwet lilc*)

Alde gedinen ?? As tou nea gjin minder fodden for dyn skúframpton hingjen haste, meiste de Heare wol tankje! (*Mei de hânnen foarút:*) Ho mennich kear haste dyn lekkens net heal oer mines hinne saeid? Do stou dy boerfeinten to bewaskjen hieste, noamste alle amerijen de hiele pôle yn beslach; dat is bij mij ek gjin wisânsje, en in hoopen goêd, nou, min scoe er yen om skamje, dat is sa!

J a n k e : (*ek hwet foarser*)

Dat goêd wier gnapper nôch; 't is dy fêst forjitten, dat ik twa kear dat belape ûnderst fen myn beibeam ôf remaaid haw; de ljue scoene miene, dat ik er sok moai ûndergûd op nei hâlde.

T r y n :

Hwet gnep forsef is, hoeft nimmen him for to skamjen; ik kin alles net fen 't boppenste boardtsje hawwe, lyk as in partje, (*mei in skeane troanje:*) mar hwer earne it by simmige ljue ek wei komt, der stiet de wrâld forsteld fen. Hwet ik om 'e hûd haw, is koft en betelle.

## TRÊDDE TOANIEL.

Griet:

(*Hja is likernôch klaeid as d' oaren en komt op mei in kynsens koerke ûnder de earm.*)

Ik haw 't dy lêsten ek al sein Tryn, datste dy smoarge âlde boarre forstûpe moatste en oars doch ik it. Hwet divel noch ta! der 'k sa'n wud om siz, is my dat in kristlike wize fen dwaen? (*Hja set de koer del en de hannen yn 'e side.*) Ja, nou moast ris bigripe, Janke, dy âld slynder hat mij wol hûndert kear, den liich ik to minsten net, de rieamme opslynd; hij glûpt dan troch de hinne-matte, sjochste, .... der is gjin freedsjen tsjin. Ik hie in heal yntaest krige fen Wiggele Filder, en fordikke, ik kom yn 't efterhûs en der sit mij dy âld snoeper mei de hâlsknoarre op 'e brânje .... Ik haw soald hwet ik ôfsoale koe, mar katten binne taei, en benammen sa'n boarre.

Tryn: (*foars.*)

Astou net mear lêst haste fen *myn* boarre, as ik fen *dyn* smoar'ge greate hoanne en dyn houn, dan is 't net malle slim. (*Hja spraet it linnen wer út.*) Sjoch mij dat 'e ris oan, 't is ommers sûfer in minske-griis, alhiel to wadde, leesten as fen in baggelman. Ik stryk mei gauens nei Davit Flut om rottekrûd, den scil ik dyn hinnetroep nei de iwichheit stjûre, der kinste difel op sizze! (*Griet nimt de koer wer op.*)

Janke: (*mei in hoapen drokte.*)

Den kinne hja mei de âld boarre to hoaf....iens rûsje! (*Hja slacht de hannen yn 'n oar en laket.*) Ha, ha, ha! hwet is 't in bidoelinge.

Griet: (*mei de fûst omhégens:*)

Dat seil dy sûr opbrekke, aste mij dat lapste; tink er om, er is noch rjucht yn 't lân to krijen.

Janke:

Nou, ik moat ek mar plan-út sizze, it is ek in benauwd spul, min kin neat gnaps op 'e blik hawwe, 't is dochs iwich en altiid to-flein en to-wadde.

Griet:

(*Hja set de koer wer del en seit tsjin Janke:*)

Hwet praetstou fen gnap goed op 'e blik; dy kear moat noch komme, datstou gnap goed op 'e blik haste; dou hoefste oer myn pykjes sa'n snappert net op to skûren. Hwet lijen, hawwe wij, dei yn — dei út, net mei dyn jonge; dat ropt en skûrt mar altiid yn 'e blik om; lêsten dolde er mei in great knyft yn myn blik, om fen dy hynstebloemsblêdden ef tiksels for de knyn, en fen 'e maitiid ropte 'r mij wrampel de blêdden fen de swarte beibeam. Is mij dat in oarder?

En ho dochste sels, Janke? Aste in koem mei smoarg wetter of oars hwet haste, dat wei moat, den is 't mar: (mei in swaei) klets! oer 'e blik. It is ommers in greate skânde, hostou it gêrs besmoarkeste. As in oar fatsoenlik syn bringst yn 'e goate smyt, dan is 't dizze jiffrou to folle gemael (wer mei in swang:) dan is 't mar: roeftdy! oer 'e blik. Der binne plakken bij, der net in sprûtsje mear waechsje wol; lit Tryn ris sprekke, as 't net wier is.

Tryn: (*tsjin Janke:*)

Dat is sa 't Griet seit. Dou smytste mar yn ienen to folle ûnhúrigens oer 'e blik, en dat gedoch mei dy k'nyn haw ik ek al lang myn nocht ôf. Jimme

Wiger is yn 'e groun bedoarn; hij stiet for God noch syn gebod, alle kattedwea hat er bij der ein. Ik hie in pear daelje-bollen fen domenij 's jiffrou krige, dy treau ik yn 'e groun, en wrachtsjes, hellet dij glûppert 's er mij net wer út? Scoe 't fêst ek wer nei de k'nyn, mar ik trappearre him krekt.

J a n k e :

En as ik dy smoarge boarre wer yn myn hoekjen pyterscelje omklauwen sjoch, den slaen ik him oan moster; min scoe er ommers fen besouwe.

..... Lêsten loek ik de kjitten der hwet twisken út, en der taest ik mij yn (hja beart ôfgryslík :) hu!! brrr!!! hwet in fize boel..... boe!!!

G r i e t :

Nou, ik moat mar gnap wei sizze: der hat Janke great gelyk oan; mei it turfmoat bij mines yn it efterhûs is 't mennich kear krekt sa'n smoarge boel.... Katten?! Nou, sjea der, ik woe se n't hawwe, né, as koe sa'n dier ek sa moai preekje as de fine domenij. (*Hja laket.*) Ha, ha, ha! foi!

T r y n :

Dou hoefste fen ús domenij net ôf to jaen!

G r i e t :

Dat siz ik mei dij, Tryn, hwent den bljúwt er neat fen oer.

T r y n :

Hij stiet folle better op 'e wierheid as jimme nijmoarderige draeiskammel.

Ik moat mar ris wer lêst hawwe fen dyn ûndoagenske »fike" en dy hinneboel.... En dy greate koksiaenske hoanne scil ik it betelle sette, ik haw de divel fen binnen. (*Hja haldt it linnen útspraet*)

Sjoch mij dat er ris oan, moat yens goed op 'e blik net feilich wêze? It is dan wol benaud! Lit dyn loaije stjonkert fen in manskearel jimme hok den better meitsje, dat jimme det reau yn it fatsoenlijke opslúte kinne.

J a n k e:

Nou ja, dat hat Ate skoan oan tiid; sa'n hok as gjin, dat is súfer it selde; hja rinne mar hwer 't hja wolle.

G r i e t (*tsjin Janke*):

Dat hok wier to 'n earsten yn oarder sa it hearde, mar dat komt fen dyn ûndoagenske rakkert fen in jonge, dy hat er lêsten boppen op wêst to klauwen om in prottersnêst ûnder de pannen wei to heljen. Tryn hat it mei hjar eigen eagen sjoen, dat Wyger er op om skrepte, is 't wier of net, Tryn?

T r y n:

Dat wit ik sa lyk net mear, of ik dat sjoen haw of net; min flapt er faeks wol ris hwet út, mar... e

G r i e t:

Hark ris Tryn, dou moast er nou net foar wei wine; sein hast it! Ast' it liichste, as net, dat rek-ket mij gjin bean; it scoe de earste kear siker net wêze, datste mei in moai praetsje oankaemste, om hwet goed op ús blik, mar blik dou op dyn eigen gêrskes, den hoeftste fen oarmâns genade net ôf to hingjen.

T r y n:

Ik bin dyn genade ek net brek; as elk op syn eigen gerjuchthheit bljúwt komt er neat gjin spul, dan hoeft min gjin lêst ûnder bûrljue.

J a n k e: (*hwet frjeunliker* :)

't Is eigentlik benauwd, dat it altiid sa mei lijjen moat; benauwd is 't! (*Tsjin Griet* :) Aste dyn hin-

nen en dyn houn fêst haldste, fanke! den wier er neat to dwaen; hja lizze der krekt like goed om, as hja it mar wend binne. Och hearink, ús Jan en hjar hâlde de hinnen sa'n roun jier fêst, en it reint hast aeien, hwet meitsje dy hwet út hjar hinnen; nou, nou!

Tryn:

It is lyk as Janke seit; min kin wol bûten lêst, en dy pykjes, ei, dy binne sa slim net, mar dy greate hoanne, dat is sa'n beroerdeling, dy stiet der mar to koekeloeren, (*hja docht lyk as in hoanne, tige rêd:*) tûk, tûk, tûk! Hark ris, as ik dy wier, fanke, ik scoe dy greate strampelder it fjûr mar ris rûke litte, dat ûnding docht dochs ek oars neat as fretten en de boel forniele. As elk in kromke op syn tellen past, den hawwe wij elk in gnap en himmel bliikje.

Griet:

Ik haw mij altiten wol skikke wollen, dat kin nimmien oars sizze, sa wiis bistou ek wol, Tryn; wij hawwe 'n oar sa lang al kinnen, al fen bern ôf oan; ús folk wieren altyd malle sib. Myn pykjes scille fêst, en de hoanne scil oer 't fjûr (*tsjin Tryn*) mar dan moast stou mij ûnthjitte, dat dy âld boarre in ûre oan ien ûnder wetter hâlden wurde scil. It rottekrûd fen Davit Flut kinste dy man wol hâlde litte.

Janke:

Ja, sok ding komt ek net út, mar sjoch, der fâlt wol er ris hwet út, dat oars net sa kwea miend wirdt; ik moat mar roun út sizze der binne in bulte minder as Tryn.

Tryn:

Der hoeft gjin ien lêst mei mij, dat witte jimme

alle beide wol. Myn âld boarre scil oan kant; fen 't mûsjen komt doch neat mear, en ik moat mei Griet sizze, it is in greate snoeper, dat is sa.

Griet (*tsjin Janke*):

Dat is de baes, den kin stou ek mar sa sûnder dy to barnen pytterseelje wjudde.

Janke: (*Hja slacht de hannen op 'e knibbels en laket*):

En dou hoefste net fij to wêzen fen dyn turfmot, fanke.

Griet (*tsjin Janke*):

Hwet is 'traer hê, mar hertjse, ho komt it mei dyn ondoagenske jonge en dy k'nyn?

Janke (*fleurich*):

Dy k'nyn scil in trewinkel efter 'e earen hawwe, mar ús Wyger kin ik net to fjur bringe, of in ûre ûnder wetter hâlde, dat giet net bêst, n't wier?

Tryn (*op 't skik*):

Ei né, ju, mar dou moast him hwet to bek sette; ik ried it dy ta 'n bêsten; letter scille jimme der tankber for wêze, it is faeks de jonge syn gelok... Och, jimme Wyger sit oars gjin kwea aerd yn, dat haw ik altiten sein, ondoagensk binne alle jonges al... Och heden, ik wit it noch skoan, do 't ús Lammert sa'n jonge wier, hwet wier dat in boppenste gút; siker! sa wieren se net folle, en nou is er súver sa goed as sûpenbrij.... Sa binne wij allegearre fen aerd; tige goedlik, sjoch!

Griet:

Ei nou, as dy jonge dy k'nyn graech hâlde wol, en hij hâldt him fêst en reaget net yn ús blik om, hwet scoe 't den? Och, sa'n bern moat ek hwet wille hawwe, hwet sei stou Nynke? Jongens wolle hwet bij der ein hawwe.

Tryn:

Lit dy stumper dy k'nyn hâlde; hja binne mar ienris jong, dat hawwe wij alle trije ek al ûnderfoun. Dy hearlike tiid komt mar ienris en net wer, is 't sa net?

Janke:

O, fanke, der tink ik sa faekris om. 't Is eigentlik sa begreutlik, dat de minsken sa folle ûnienigens hawwe; it libben is mar in slach om 'e earen, in omsjoch; yn in feeche is min en ein foart, 't giet as 't slydjaget, haw 'k wol ris sein. Min moat skikke en troaije kinne yn de wrâld. .... Mij tochte, Griet hjar koksiaenske hoanne moast mar stil yn 't libben bljúwe; hwet seistou Tryn?

Tryn:

To den mar, as hja dy greate olfert, mar fêst hâldt as ús linnen op 'e blik leit; it is oars gjin ûnaerige hoanne; en lit dan de pykjes ek mar los, hja meije abslút net oer fêstsitten; dan binne ze opslach fen 'e leg, en dan kin it bêst beslaen datste yn wiken net in inkel aei sjochste; it giet det fé ek al; lyk as ús, frij moat min wêze.

Griet:

Frijjens is hwet wirdich, bern! Ik bin ek sa fen bistek, in oar wol ik graech behannelje lyk as ik sels behannele wurde wol, en ik bin lang net bang for in sinterklaes. (Tsjin Tryn:) Lit dou dyn âld boarre mar stil boarre bljúwe, sa'n bist wol ek graech libje is 't sa net? Ate moat de hinne-matte dan mar in kromke bespikerje, en it linnen, wol nou, dat moat mar hwet skikt wurde, as we elkmes in stûrmennich jowwe, den kin Ate der wol sa'n fûch stekje yn meitsje, dat de blik sa likernôch yn trijen parte wirdt. Scoe dat de slach fen de fjûrpyl net wêze?

Janke: (*nimt hjar goed op:*)

Dat wirdt in hiele drokte for Ate, hij hat oars syn wirk ek al; mij tochte sa, wij flappe de boeler mar op, lyk as oan 't nou ta, en as leit er al ris in tippe oer 'e streek, dan is 't ek mar in tataest om et efkes to forlizzen, is 't nou wier of net?

Tryn: (*hja likt oan de skoalders:*)

Hú! ik bin neat mear as waerm .... nou, as jimme moarn to middei ris togjerre bij mines kaemen om in pântsje fol thé, ho scoe dat stean?

Griet:

Dat kin om mij wol, fanke; hwet seistou Janke?

Janke:

Ik scoe oars 't efterhûs himmelje, mar der komme wol mear dagen, scoe min hoapje, dat kin ûnder bûrljue net bêst oars, nou?

(*Griet en Janke de iene en Tryn de oare kant út. Yn it afgean:*)

Tryn: (*tsjin de oaren:*)

Nou, dalik nei twa'en mar komme.

Tryn: (*tsjin de harkers:*)

Nou, hark hwet ik sizze scoe, is der faeks ek ien fen jimme, dy gnep jild biede doar for in âlde siperske boarre, in echte brabânske k'nyn, en in oerhearrich greate koksiaenske hoanne?

(*As nimmen hwet seit:*)

Dan scille wij er sels wol mei oanpiele!

(*As immen jild biedt:*)

Dou biste keapman heite, en dan is 't moarn to middei klokslag toalten léferânsje, bij ....

(*Dy-jinge der it fortoand wirdt.*)

f3625